

# Beliedsplan 2019 - 2022

## 1 Utgongspunt

Wy wolle in leauwige mienskip wêze: meiinoar ferbûn as minsken dy't sykje nei hâldfêst, treast, mienskip en freugde. Wy leauwe dêrby yn de iene God dy't Him iepenbiere hat, earst oan it folk fan Israel en fia dat folk oan de hiele wrâld, troch de Bibel, troch Jezus Kristus en troch it wurk fan de Geast.

## 2 Organisaasje

### 2.1 Stân fan saken

- Us gemeente wurdt droegen troch de leden. Meiinoar jouwe wy foarm oan 'e earetsjinst, yn prinsipe op de sneinen en feestdagen. Ungefear 6 tsjinsten yn it jier wurde organisearre toch eigen gemeenteleden. Meiinoar hâlde wy ek oare aktiviteiten, soms yn oparbeidzjen mei treden: projekten yn 'e Advints- en 40-dageiid, it projekt Tadzjikistan, tsjerkepaad, ensfh.
- De organisaasje fan de tsjinsten en de oare aktiviteiten leit by de tsjerkeried en in tal kommisjes. De tsjerkeried is altyd einferantwurdlik. De tsjerkeried bestiet út 2 âlderlingen, 3 diakens, 2 âlderlingen-tsjerkrintmasters. Spesjale opdracht: 1 gemeentelid foar it behear fan de webside. De kommisjes binne: sjongtsjinstkommisje, wurkgroep fan 3 gemeenteleden mei as ûnderwerp: ûndersyk takomst gem. BHH.
- Der is in detacherings oerienkomst mei ds. P. Wattèl fan de Prot.Gemeente Wytmarsum–Pingjum–Surch ta it ferrjochtsjen fan helptsjinsten binnen de wurktiid as predikant. Dit foar 1 deidiel yn 'e wike foar maksimaal 4 jier. De helptsjinsten besteane út: pastoraal wurk, foarwurk en foargean yn rou- en troutsjinsten, de begelieding fan it proses Takomst Gemeente. Regelmjittich is der oerliz mei de tsjerkeried.

### 2.2 Doel fan earetsjinst en oare aktiviteiten

- 1) de bân mei elkoar fêsthâlde
- 2) fierder leare yn ús leauwen
- 3) de wrâld sjen litte fan ús leauwen

### 2.3 Foar wa binne earetsjinst en oare aktiviteiten bedoeld?

Foar de leden, foar alle minsken dy't yn Burchwert, Hartwert en Hichtum wenje en ek foar oaren dy't har mei ús gemeente ferbûn fiele.

### 2.4 Plannen foar de takomst

- In tal tsjinsten en oare aktiviteiten wurde mienskiplik dien mei de Prot.Gemeente Lollum-Waaksens. De ferantwurdlikheid foar de doarpen Burchwert-Hartwert-Hichtum stiet lykwols foarop. Mooglik kin it tal mienskiplike tsjinsten of oare aktiviteiten útwreide wurde.

- De kommende jierren wolle wy der oan wurkje dat der genôch minsken komme en bliuwe dy't it wurk fan ús gemeente drage wolle.
- Omdat de tsjerkeried him ferantwurdlik fielt foar it wurk fan de detacherings predikant, binne der fanôf 2018 jierliks evaluaasje petearen mei ds. Wattël en de tsjerkeried fan de gemeente Wytmarsum-Pingjum-Surch.

### **3 Pastoraat**

#### 3.1 Stân fan saken

- It pastoraat fynt plak yn 'e foarm fan besiten en omtinken. De âlderlingen en de helppredikant hawwe dizze taak, ûnder ferantwurdlikheid fan de hiele tsjerkeried. Hja sykje minsken op, benammen âlderen, siken, jonge âlders, minsken dy't in fertriet te ferwurkjen krije. Ek oare gemeenteleden kinne foar elkoar pastor wêze, en binne dat soms ek.
- Ungefear 4 kear yn it jier sitte âlderlingen en helppredikant byelkoar om wurkôfspraken te meitsjen oer kontakt en besite. Yn 'e praktyk is der struktureel omtinken foar alle minsken yn ús doarpen, en minsken oan 'e râne fan 'e tsjerke krije by gelegenheid ek oandacht.

#### 3.2 Doel fan it pastoraat

- 1) Alle gemeenteleden it besef jaan, dat de oare like belangryk is as sysels.
- 2) Alle gemeenteleden merke litte, dat der fanút de gemeente om jin tocht wurdt.

#### 3.3 Foar wa is it pastoraat bedoeld?

Foar alle leden fan 'e gemeente, foar elk dy't by de gemeente belutsen is, en foar harren húsgenoaten en neisten as se gjin lid binne fan in oare gemeente.

#### 3.4 Fragen foar de takomst

- Op dit stuit wurde de tsjerkongers dy't it oanjouwe geregeld opsocht. Ek gemeenteleden dy't net aktyf binne, mar dêr't wat slim of moais mei bart, wurde net fergetten.

### **4 Diakonaat**

#### 4.1 Stân fan saken

- De diakony hat ynkomsten ta syn foldwaan, dêr't ferskate goede doelen en projekten mei stipe wurde kinne. Dy ynkomsten komme út 'e hier fan lân, fan huzen en út kollektejild, jeften en aksjes. In wichtich projekt wiene o.m 2018 de reizen nei Tadzjikistan. It jild fan de gemeente is dêr direkt ynset dêr't it nedich wie en dit hat risseltaat hân. Ek is der it projekt Studinteflat yn Tadzjikistan: foar ûngefear 3 studinten oan 'e universiteit wurdt de flathier betelle salang as har stúdzje duorret. It hiele projekt is yn de ôfboufaze. Fierders soarget de diakony foar in krystattinsje en in besite oan âldere en allinnich wenjende gemeenteleden.
- De diakony organisearret de aktiviteiten yn prinsipe sels yn syn gearkomsten. De tsjerkeried wurdt op 'e hichte holden fan wat der binnen de diakony bart en wat de diakony docht.
- Foar mooglike yndividuele help is it wichtich dat ek de diakens witte wat der yn 'e doarpen spilet.

#### 4.2 Doel fan it diakonaat

- 1) Utdrukking jaan oan ús leauwen dat yn it Keninkryk fan Kristus de earmen en de swakken en de minsken dy't, al of net troch eigen skuld, yn 'e problemen sitte, op it earste plak komme;
- 2) Harren merke litte dat se like belangryk binne as elk minske;
- 3) De wrâld sjen litte hoe't wy ús leauwen yn praktyk bringe.

#### 4.3 Foar wa binne de diakonale aktiviteiten bedoeld?

Foar elk dy't help nedich hat, yn of bûten de tsjerke, fierôf of tichtby.

#### 4.4 Plannen foar de takomst

- Yn 'e takomst sille wy it projekt Tadzjikistan ôfslute. De reizen nei Tadzjikistan komme fanôf 2019 te ferfallen. De finansjele stipe oan it projekt Tadzjikistan wurdt ôfboud, dit om't it bernetehûs himsels no rêde kin. De studenteflat kriget noch inkele jierren stipe.
- De finânsjes fan 'e diakony binne goed op oarder, der moat op tasjoen wurde dat dit ek sa bliuwt. By problemen moat der fuortendaliks maatregelen nommen wurde.
- De behertiging fan de hieren is yn hannen fan in eksterne saakkundige, dy't op syn minst ien kear yn it jier ferslach dwaan sil yn 'e tsjerkeried fan 'e stân fan saken en evt. problemen.
- *Wy kinne de mooglikheden ûndersykje om in saakkundige te sykjen út de eigen gemeente om de hieren te behertigjen.*

### **5 Tsjerkerintmasterlik behear**

#### 5.1 Stân fan saken.

- De bydragen *oan de helppredikant, eksterne saakkundigen te witten KKA, KKG en SKGB* en it ûnderhâld fan twa monumintale tsjerkegebouwen freegje in trochgeande jildstream. Dy bestiet út twa parten: frijwillige bydragen fan 'e leden, en ynkomsten út besit.
- *De hierynkomsten binne op in réeel nivo brocht (ferlege) troch de Pachtkeamer.*
- It oargel fan de Burchwerter tsjerke is restaurearre. De tsjerke sels stiet der goed by; de Hichtumer tsjerke is oan ûnderhâld ta. *Der is in nije subsidy oanfraach SIM 2019-2024 by de Rijksdienst Cultureel Erfgoed dien en dizze is goedkard. Der is in Instandhoudingsplan 2019-2024 opsteld.*
- Fierders binne de tsjerkerintmasters ferantwurdlik foar de minsken dy't aktyf binne yn en om de tsjerkegebouwen (benammen de kosters) en de tsjerkhôven.

#### 5.2 Doel fan it tsjerkerintmasterlik behear

Soargje foar genôch ynkomsten om it tsjerkewurk sa't fêststeld is yn it beliedsplan útfiere te kinnen.

#### 5.3 Plannen en fragen foar de takomst

- 1) De frijwillige bydragen en hierynkomsten moatte op in réeel nivo bliuwe.
- 2) De restauraasje fan de Hichtumer tsjerke begjint yn 2019. It ûnderhâldsplan SIM 2019 – 2024 foar de beide tsjerken wurdt mei wurke.

3) In fraach foar de takomst is oft de eksterne saakkundigen KKA, KKG en SKGB oanhouden wurde kinne of dat de finânsjes hjirta net tarikkend binne.

## **6 Jeugd wurk**

### 6.1 Stân fan saken

Troch de sluting fan de skoalle yn Burchwert en de ôfwêzichheid fan skoallen yn de doarpen Hartwert en Hichtum nimt it oantal bewenners mei bern foaral yn Burchwert sterk ôf.

### 6.2 Doel fan jeugd wurk en foar wa is it bedoeld?

De jongere ginneraasje yn 'e gemeenten en yn ús doarpen leare, dat de tsjerke der krekt likegoed foar harren is as foar de folwoeksenen en de âlderein. It jeugd wurk is bedoeld foar alle jonge leden fan ús gemeente, mar ek foar de jeugd yn ús doarpen en de groepen dêr't de jongerein fan Burchwert, Hartwert en Hichtum yn beweecht.

### 6.3 Plannen foar de takomst

As der yn de takomst wer mear bern binne, sil de tsjerkeried him wer foar it jeugd wurk ynsette en sil besykje de jeugd by de tsjerketsjinsten en it hiele tsjerkewurk te belûken. Wy moatte de oansluting mei de kommende ginneraasje net misse.

## **7 Wurkgroep Takomst Gemeente**

### 7.1 Stân fan saken

Yn april 2017 is de wurkgroep fan 3 leden fan de tsjerklike gemeente ynstallearre. De wurkgroep docht ûndersyk nei de takomst fan de gemeente. De oanlieding fan dit ûndersyk is de krimp fan de gemeente. Yn 'e takomst kin dêrtroch it oantal tsjerkgongers te lyts wurde, der in tekoart oan ambtsdraggers ûntstean en de finansjele sitewaasje net mear tarikkend wêze om de gemeentlike aktiviteiten te finansjieren. De wurkgroep hat in ynventarisasje makke fan de mooglikheden dy't de gemeente hat as dizze sitewaasje him foar mocht dwaan. Op basis hjirfan is û.o. in enkête holden ûnder de leden mei fragen oangeande de takomst fan de gemeente (mooglikheden ta gearwurking, behear tsjerklike gebouwen en finansjiering); ek wie dizze enkête bedoeld om de leden te ynformearjen oer de takomst. De wurkgroep brûkt de réaksjes op de enkête as begelieding foar advys oan de tsjerkeried.

### 7.2 Doel fan de wurkgroep

- 1) Mooglikheden ûndersykje foar it behear fan de twa tsjerken en dit yn de foarm fan advys presentearje oan de tsjerkeried.
- 2) De tsjerkeried advisearje oer mooglike foarmen fan oparbeidzjen mei oare gemeenten.

### 7.3 Foar wa is de wurkgroep bedoeld?

Foar de tsjerkeried en hjirmei ek foar alle gemeenteleden.

### 7.4 Plannen foar de takomst

In sadanige oplossing sykje foar de takomst fan ús gemeente, dat de leden tsjerklik aktyf bliuwe kinne.

## **8 Kontakten mei oare partners**

### **8.1 Stân fan saken**

Wy hawwe mei de folgjende partners geregeld kontakt yn it ramt fan tsjinsten en oare aktiviteiten.

- 1) Sjongkoar "Nocht en Wille"
- 2) muzykkorps Excelsior te Burchwert
- 3) frouljusferiening Hartwert (oankeap nije ynterieurûnderdielen)
- 4) skildersklub Burchwert
- 5) Feriening foar Doarpsbelang

### **8.2 It doel fan de kontakten mei oare partners**

- 1) bredere dielname oan 'e projekten
- 2) tsjerketsjinsten en aktiviteiten foar alle ynwenners fan 'e doarpen
- 3) alle minsken yn 'e doarpen by it tsjerklik libben belûke.

### **Konkrete aksjes foar 2019 o/m 2022**

- optimale eksploitaasje fan de tsjerken foar de tsjerklike gemeente en de doarpsmienskippen
- mooglikheden ta gearwurking mei oare gemeenten sykje
- de tsjerkeried útwreidzje
- trochgean mei de evaluaasje petearen mei de wurkgroep en helppredikant
- it ûnderhâldsplan bystelle en útfiere foar de Hichtumer en Burchwerter tsjerke
- it foarmjen fan in groep kontaktpersoanen en soargje dat dy groep funksjonearret.